



DE WILIGE BEGOANIA

(De verwelkte begonia)

Klucht yn 4 bedriuwen fan

JOHN CUSTOMS

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE WILIGE BEGOANIA – DE VERWELKTE BEGONIA** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JOHN CUSTOMS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2015 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **7** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Vera Veldman - kafee- en pensjonhâldster

Saskia Kramer - studinte/servearster

Alex Swart - flipte yntellektueel

Hein de Graaf - pensjongast

Martin de Graaf - syn broer

Marian Hendriks - pensjongaste

Gerda Hendriks - har suster

DEKOR:

It terras fan kafee/pensjon 'It Einpunt'. Der stean in pear taffeltsjes en stuoltsjes. Fierder is in achterwand as dekor genôch. Yn de achterwand sit in grut rût en de doar nei it kafee anneks pensjon. De achterwand kin eventueel útwreide wurde mei saneamde neistlizzende perselen en/of in tún, at de romte dit talit.

EARSTE BEDRIUW

(middeis, Alex sit oan in taffeltsje, ferskûle achter in krante. Hy beloert de beide broers Hein en Martin. Dy sitte oan in oar taffeltsje oan de kofje. Neist harren stean twa koffers, dy hâlde se beide sekuer yn de gaten)

HEIN: Hast no einlings dy kofje op, Martin? Dan kinne we wer es fierder.

MARTIN: Kalm oan in bytsje, Hein. Dy kofje is gleonhjit. We ha ommers alle tiid.

HEIN: Dat ha we net, Martin! We sille foar't tsjuster doch ûnderdak ha moatte.

MARTIN: No, dan kinne we hjir doch even sjen? Wa wit falle de keamers wol ta.

HEIN: *(beslist)* Gjinn sprake fan! Ik sliep net yn in kafee. En alhielendal net mei dy.

MARTIN: Wy sliepe ommers net yn it kafee, mar der achter.

HEIN: Mar je moatte wol hieltyd troch dat kafee hinne om yn de keamer te kommen. Dy kennende komst dus nooit yn de keamer oan, mar bliuwst alle kearen op healwei hingjen!

MARTIN: Dat is net wier, Hein! Ik drink gjinn... eh... hast gjinn drip mear.

HEIN: Nee, do sûpst hiele sleatten fol tagelyk op atst de kâns krijst! Salang at ik dy yn de gaten hâld giet it goed. No, sjit op mei dy kofje en pak dyn koffer. Oars is aansen alles beset. *(fan de sydkant komt Gerda op. Se rint fier rjocht op en hat in minuskûl lyts rêchpûdsje op de rêch. De mûle fan Martin falt iepen fan ferbazing en hy folget har hiel opmerksum)*

MARTIN: *(jout Hein in dúst)* In frou, Hein!

GERDA: *(bliuwt even stean. Skerp)* Noch nooit in frou sjoen?! Kom op Marian. Trochrinne! Gjinn oandacht oan skinke. *(se rint fierder mei de holle omheech ôf nei de oare sydkant)*

MARTIN: Marian? *(rint nei de sydkant)* Ik sjoch gjinnien.

HEIN: *(lilk)* Martin! Kom hjir.

MARTIN: Mar... Der moat noch in frou komme, Hein. Dat heardest doch? *(hy sjocht nei de sydkant)*

HEIN: Hjir sis ik dy! Do witst wat we ôfpraat binne. We litte ús net mei froulju yn. En dan dogge we dat ek net! Begrepen?!

MARTIN: *(lyts)* Goed Hein. *(giet sitten)*

VERA: *(komt út it kafee mei in tsjinblêd)* Hiene de hearen noch wat oars brûke wollen?

MARTIN: Graach! Ik wol witte wat de keamers hjir kostje.

HEIN: Neat! We stappe wer op. Hoefolle krije jo fan ús?

VERA: Dat wurdt dan twa kofje en twa koekjes, dat is...

MARTIN: Mar... Dy koekjes binne doch seker wol fergees, mefrou?

VERA: Foar neat giet de sinne op, bêste man. Ik moat ek leve. Dat wurdt dan fiif euro en fiif en santich sinten, asjebleaft.

HEIN: Rekkensto even ôf, Martin? Do hast it behear oer it lytsjild. *(tsjin Vera)* It grutte jild behear ik, sjogge jo. No Martin, betelje.

MARTIN: Ik??... No ja... *(hy pakt de beurs en telt it jild út op tafel)* Ien, twa, trije, fjouwer, fiif euro. En ien, twa, trije fan tweintich, ien fan tsien en ien fan fiif. Presys past!

VERA: Dat sjoch ik. Gjinn sint tefolle!

HEIN: *(jout Martin in dúst)* Doch der noch mar ien fan tweintich by, Martin.

MARTIN: Hin?... *(telt wer)* Ien, twa, trije, fjouwer, fiif euro. Ien, twa, trije fan tweintich, ien fan tsien en ien fan fiif. Nee hear. It is goed sa, Hein. Sa is it doch, mefrou?

VERA: *(suchtet)* Mear as genôch. Fan jim sil ik net ryk wurde.

MARTIN: Dat is ek de bedoeling net. It leven is al djoer genôch. Mar fiif euro fiif en santich foar twa kopkes kofje fyn ik nochal wat.

VERA: *(droech)* Wat tochten jo fan dy beide koekjes? Dy moatte jo ek net ferjitte, hear.

HEIN: Seur doch net sa, Martin! We gean.

MARTIN: No ja. Dat is eh... even rekkenje, fiif euro fiif en santich, diele troch twa... Dat kinst alhiel net troch twa diele! Hoe kin dat no?

VERA: *(ûngeduldich)* Dat is twa euro fyftich foar in kopke kofje en in koekje en 25 sint foar de betsjinning. Sa goed, hearen?!

HEIN: O, dan hoechst dy tweintich sinten ek net te jaan, Martin. It sit der al by yn. No, kom op. *(pakt syn koffer)*

MARTIN: Eh... Mar hoefolle kostje de keamers no, mefrou?

HEIN: *(fluch)* Wy hoege gjinn keamers, Martin!

VERA: *(ynteressearre)* O, sykje de hearen in keamer? Wolle de hearen faaks wat fan my drinke?... Fergees hear!

MARTIN: Hearst dat Hein? Fergees!

HEIN: Makket my neat út. Ik wol hjir beslist gjinn keamer!

VERA: Mar ik ha prima keamers hear. De priis falt reuze mei. Mar fjirtich euro foar in ienpersoans, ynklusyf moarnsiten.

MARTIN: Mar wy wolle in twapersoans keamer. Wy sliepe by elkoar sjoch. Dat binne wy fan hûs út sa wend. Us mem sei altyd...

HEIN: Man! Dat giet doch gjinnien wat oan. Wy hoege gjinn twapersoans keamer. Wy sykje wol fierder.

VERA: *(fluch)* In twapersoans keamer? Dy binne mar fiif en sechtich

euro en dan sit ek it moarnsiten der by yn. Soene jo de keamers permanint brûke wolle, dan freegje ik mar fyftich euro de nacht. Dat is foar in prikje, netwier?

MARTIN: Dat is heal fergees, Hein! En krije we dan de kofje ek permanint fergees?

VERA: Hoe bedoele jo?

MARTIN: No... eh... Is de kofje dan ek fergees?

HEIN: (*yrritearre*) Martin, pak dyn koffer. We gean!

MARTIN: Bist der wis fan, Hein?

HEIN: Hiel wis. Goeie middei mefrou. (*pakt syn koffer en rint fuort*)

MARTIN: O... eh... Goeie middei mefrou. (*gau achter Hein oan, hy ferjit de koffer*) De priis wie doch net sa gek, Hein? (*beide ôf*)

VERA: (*suchtet*) Ik kin de boel wol slute. At se foar dy priis al net iens mear komme wolle! Wolst wat drinke Alex?

ALEX: Nee... Nee. Dat kin de brune hjoed net lûke.

VERA: Do bedoelst dus noait! It sjocht der nei út datsto op hiel koarte termyn in nij ûnderkommen sykje moatst. Want ik hâld der mei op! Do bist al moannen de ienige gast. En watfoar in gast! (*se rint foeterjend it kafee yn*)

ALEX: Ik sjoch wol. (*oerein en sjocht om him hinne. Hy rint nei it oare taffeltsje*) Dat tocht ik al! Hy hat it net opdronken. (*hy drinkt it kopke fan Martin gau leech*) Dat is noch wol in heal kopfol! (*hy slynt no de sûker der út mei de finger*)...Hin?! Hy hat de koffer stean litten! (*hy nimt de koffer hastich mei, sjocht wer om him hinne en set de koffer neist it kafee del en giet wer sitten. Even letter komt Martin hastich werom*)

MARTIN: Myn koffer! Ik bin myn koffer fergeen. (*hy rint nei it taffeltsje*) Hjir stie er doch? (*hy sjocht nei Alex*) Ha jo myn koffer soms sjoen?

ALEX: (*komt achter de krante wei*) In koffer? Hiene jo dan in koffer?

MARTIN: Hjir! Hjir neist my!

ALEX: (*sjocht*) Ik sjoch neat.

MARTIN: Nee, dat sis ik ommers? Hy is fuort! O, wat sil Hein dêr wol net fan sizze?! En hy is al sa lilik op my.

ALEX: Dat is net sa moai, menear. Ha jo 'm soms ergens stean litten?

MARTIN: Ik lit noait wat stean! Eh... ik ha 'm hjir stean litten. Dat wit ik hiel seker.

HEIN: (*op mei syn koffer*) Hoe sit it no, Martin? Hast dy koffer no al fûn?

MARTIN: Nee, Hein. Mar... eh... Miskien stiet er wol yn it kafee.

HEIN: Yn it kafee? Hy stie hjir. (*sjocht nei Alex*) Witsto der soms mear fan?

ALEX: Nee... Nee. Freegje Vera mar.

HEIN: Vera?

ALEX: Ja, de eigener fan it kafee.

MARTIN: Ik sjoch wol even. *(hy rint nei de kafeedoar)*

HEIN: O nee! *(pakt Martin by it jaske)* Dêr wit ik alles fan. Dan komst der net wer wei. Do bliuwst hjir en past op myn koffer. *(hy set syn koffer by Martin tusken de fuotten)* En sa bliuwst stean. Begrepen?

MARTIN: *(lyts)* Ja Hein.

HEIN: Moai sa. *(hy giet it kafee yn)*

ALEX: Wat beroerd no net? Wat siet der allegear yn?

MARTIN: Wêr yn?

ALEX: Yn dy koffer.

MARTIN: Myn klean en... *(hy skrikt)* Myn beurs mei it grutte jild! O, at Hein dat heart...!

ALEX: Eh... Sit der in soad yn?

MARTIN: Ja. Wol tweintich tûzen... *(fel)* Dat giet dy neat oan! Wêrom wolst dat witte?

ALEX: No... Stel, dat ik dy koffer no es fûn? Dan soe ik wol finerslean ha wolle. Dat is tsien persint fan de ynhâld.

MARTIN: Tsien persint? Dat jou ik noait!

ALEX: Ja... Dan fine jo dy koffer grif noait werom. Binne jo al it jild moai kwyt.

MARTIN: Ik moat 'm werom ha... *(syn gesicht klearret ynienen op)* Wachtsje es even. Dit is doch Hein syn koffer?... Al it jild sit yn dizze koffer! Dat moat ik tsjin Hein sizze. Wat sil er grutsk op my wêze. *(hy fljocht it kafee yn)*

ALEX: *(even ferheard)* Sit it jild hjir yn? Dat is moai! *(hy pakt de koffer en wikselte dy om mei deselde dy't neist it kafee stie. Hy set de koffer by him sels tusken de fuotten en giet mei it gesicht nei it kafee stean)* ...Ik pas der wol even op.

MARTIN: *(komt wer nei bûten, hastich)* Us koffer! *(dan sjocht er Alex)* O gelokkich! Jo ha der op past. Tanke! *(hy pakt de beurs)* Jo ha wol wat fertsjinne. Asjebleaft. *(grutsk)* In euro.

ALEX: In hiele euro?!

MARTIN: *(grutsk)* Ja. Dat falt dy net ôf wol?

ALEX: Man! Dêr kin ik noch gjin kopke kofje fan keapje. Ien hiele euro!

MARTIN: Dan keapest doch wat oars. *(dan ferheard)* Do wolst doch net sizze dat it te min is?

ALEX: Ik soe net doare! It is tefolle! Dit kin ik wier net oannimme hear. *(hy smyt de euro werom nei Martin)*

MARTIN: Tefolle...?? Ja, dat is it eins ek wol. *(hy docht de euro wer*

yn de beurs) Tige tank yn elk gefal. (*dan komt Hein hastich út it kafee, hy is poerlik*)

HEIN: Stommeling! Moai dat dy koffer fan dy nergens te finen is.

MARTIN: (*skrutel*) Ik begryp it net hear Hein. Ik ha der wier goed op past. Sis Hein? Sjoch es yn dyn koffer oft al ús jild der noch yn sit? Je witte mar noait.

HEIN: Fansels sit dat der yn! Ik bin sa stom net as do. Mar ik sil it der foar de wissichheid úthelje. (*hy docht de koffer iepen en siket der wat yn om*) Neat! Martin! It jild is fuort!

MARTIN: Hoe kin dat no? Der hat gjinien oan west. (*sjocht ek yn de koffer, hellet der wat klean út*) Ferrek Hein! Dit is myn broek. It is myn koffer!

HEIN: ...Dyn koffer?

MARTIN: Ja, it is minen. Myn koffer is net wei. Dyn koffer is wei! Ik tocht al. Ik bin hast noait wat kwyt.

HEIN: (*poerrazen*) Nee, no wurdt it moai!

MARTIN: No, dat fyn ik hielendal net moai, Hein. Al ús jild siet der yn. Wol tweintich tûzen...

HEIN: Hâld dy stil! Dat hoecht elk net te witten. Ik belje de plysje. (*nei it kafee*)

MARTIN: Wêrom Hein?

HEIN: Om te sizzen dat myn koffer stellen is fansels!

MARTIN: Stellen? Dat witst ommers net? Do hast 'm allinne mar ergens stean litten.

HEIN: O... Do!! (*hy giet it kafee yn*)

ALEX: No, dy freon fan dy is nochal lik op dy.

MARTIN: Dat is myn freon net. Hein is myn broer.

ALEX: Dyn broer? Hy is seker wol de baas, of net?

MARTIN: (*flink*) Hielendal net! Wy hiene mar ien baas en dat wie ús mem. Dêrom sykje wy no ek in keamer. Wy binne al yn de fjirtich moatst witte, mar ús mem behannele ús noch as snotnoazen. En doe sei Hein op in dei: "Martin, it wurdt tiid dat wy de wide wrâld ûntdekke. Sykje nei in nij begjin. Sykje dyn jild by elkoar. Wy gean!". No, en doe gongen we.

ALEX: (*ûnleauwich*) Ha jim al dy tiid by jim mem wenne?

MARTIN: ...Al dy tiid? Ja, wêrom net? We moasten doch ergens sliepe?

ALEX: Ik bedoel... Binne jim noait troud of sa?

MARTIN: Troud? Nee... Nee. Us mem fûn dat wy dêr te jong foar wiene. Och, ik hoech ek gjin frou. Ik fermeitsje my poerbêst mei Hein.

ALEX: (*laitsjend*) Dat is doch in hiel oar soarte fan fermaak as mei in

frou?

MARTIN: (*ûnleauwich*) Is dat sa? (*dan mei oertsjûging*) Ja fansels! Mei ús mem fermakken wy ús ek hiel oars. Dat is wier. Bisto ek noch altyd by jim mem?

ALEX: Ik? Nee hear. Ik bin al jierren op mysels. No ja... Ik wenje al in skoftsje by Vera.

MARTIN: By Vera...? O ja. De eigener. Bist al lang mei har troud?

ALEX: (*ferslokt 'm*) Mei har troud?! Gelokkich net sis!

MARTIN: Wêrom gelokkich net? Is it sa'n haaibaai?

ALEX: Man, dat hat der neat mei te krijen. Myn IQ leit folle heger as dat fan har. Boppedat is se stikken âlder.

MARTIN: O ja? Safolle skeelt se doch net mei dy?

ALEX: Tanke! Wy skele minstens tweintich jier, man!

MARTIN: (*ûnleauwich*) ...Is dat sa? (*Gerda komt op fan de sydkant. Se rint ûnrêstich nei de oare sydkant en sjocht om har hinne. Martin tsjin Alex*) Dêr is se wer! (*giet oerein en rint nei Gerda ta*) Kin ik jo ergens mei helpe, mefrou?

GERDA: (*heechhertich*) Ik ha jo doch neat frege wol? (*se rint fuort, ropt oanienwei*) Marian! Wêr bist doch yn fredesnamme? (*ôf*)

ALEX: (*laitsjend*) Ik miende datst neat fan froulju witte woest? Neffens my wolst se wol bespringe!

MARTIN: (*grutsk*) No, ik wol hear. (*skrikt dan, sjocht om him hinne*) Net tsjin Hein sizze hear. Dy wol dêr beslist neat fan witte. Hy hatet froulju... leau ik.

HEIN: (*hy en Vera komme út it kafee, Hein is somber*) It kin noch wol in heal oere duorje foar dat se komme.

MARTIN: Wa Hein?

VERA: De plysje, menear de Graaf.

MARTIN: Hoe witte jo dat ik De Graaf hjit. Ik ha neat sein.

HEIN: Dat ha ik sein fansels. No, wat moatte we no? Sûnder jild komme we net sa fier.

MARTIN: Ik tink dat we hjir mar bliuwe moatte, Hein. Ha jo noch in twapersoans keamer oer, Vera? Ja, want dat wit ik wer, dat jo sa hjitte. Dat ha ik fan dinges... eh... him heard.

VERA: Him is Alex. Us super yntellektueel. No, Alexander?

ALEX: (*ferwaand*) Dat meist wol stelle ja. Super yntellektueel. Einlings wurd ik op wearde skatten.

VERA: En watfoar wearde! Hy is sa yntelligint dat er no noch net wit hoe't er syn jild fertsjinje moat. Hy rint al in healjier achter mei de hier.

ALEX: Dat komt omdat noch gjinien gebrûk makke hat fan myn kapasiteiten.

VERA: Dat sille se ek daliks net dwaan, atst de hiele dei op it terras sitten bliuwst. Wol hearen? Sil ik jim dan mar ynskriuwe foar in oernachting?

HEIN: (*bromt*) Sil wol moatte. Mar foar ien nacht hear.

MARTIN: At we mear nachten bliuwe wurdt it goedkeaper, witst noch Hein?

HEIN: Goedkeaper of net, elke nacht moat betelle wurde. Hasto safolle jild?

MARTIN: (*entûsjast*) Yn de koffer ommers! (*skrikt*) O... Nee. Doch dan earst mar ien nacht, Vera.

VERA: Tsj... Wol foarút betelje. Ien nacht is fiif en sechtich euro.

MARTIN: (*tinkt even nei*) Fiif en sechtich...? Doch dan doch mar foar mear nachten. Dan betelje ik no fyftich euro foar ien nacht. (*hy jout Vera de sinten*)

VERA: (*ferstuivere*) Hin?... O... eh... tanke. (*giet it kafee yn*)

HEIN: Ik sei doch ien nacht, Martin?! Altyd dwers tsjin dyn grutte broer yn gean, no?!

MARTIN: Eh... Nee hear, Hein. (*gnysket*) Ik doch krekt as bliuwe we mear nachten en ik betelje mar foar ien. Dan ha ik doch moai fyftjin euro útsparre. No, wat seist fan sa'n broer?!

ALEX: Syn IQ leit doch heger as at ik tocht hie.

HEIN: Wêr hat er it oer?

MARTIN: Eh... Oer wat dat heger of leger leit, mar wol groeit nei datst âlder wurdst.

HEIN: (*lilk*) Ja, losse we no puzeltsjes op of sa? Wat is dat foar ûnsin?

MARTIN: (*sjocht fan Hein nei Alex, flústert dan tsjin Hein*) Ik wit it ek net Hein. Mar ik doch krekt as wit ik it wol. Oars tinke se dat we in steltsje stommelingen binne.

HEIN: Dat tinke se doch wol.

MARTIN: Wêrom?

HEIN: Fanwege dy koffer.

MARTIN: Ja, dat wie stom fan dy Hein. (*fluch*) Mar it komt wol goed hear. Se fine 'm grif wol. Wolst wat drinke? (*sjocht yn de beurs*) Ik ha noch ien, twa, trije, fjouwer, fiif, seis, sân, noch acht euro fyftich, Hein.

HEIN: Is dat alles?!

MARTIN: Ja Hein. It oare sit yn dyn koffer. En dy bist kwyt rekke.

HEIN: Ophâlde Martin!!

MARTIN: Ik sil my ynhâlde Hein. Mar at myn sinten op binne, dan... (*hastich*) Gleske fris, Hein?

HEIN: (*bromt*) Ja, doch mar. Litte we de lêste sinten der mar trochjeie!

MARTIN: No begjinst der sels wer oer Hein.

HEIN: Helje no mar wat te drinken man!

MARTIN: (*ferrast*) Ik?... Mei ik? (*wiist op him sels en nei it kafee*)
Fansels Hein. (*hy fljocht it kafee yn*)

ALEX: Snoade broer ha jo.

HEIN: (*driigjend*) Wat bedoelst dêr mei knaap?

ALEX: (*skrikt*) Neat... eh... Neat. Ik bedoel echt snoad.

HEIN: Dan is 't goed. Net stoke yn in gelokkich houlik. Do bist warskôge. Jou my es in stikje fan dy krante.

ALEX: Fansels, fansels. (*gau nei Hein en hy giet ek by Hein sitten*)

HEIN: Dêr ha ik doch net om frege wol?

ALEX: (*ferheard*) Net?... Mar jo fregen doch om de krante?

HEIN: Kloppet. Net oftst ek by my sitte woest.

ALEX: Nim my net kwea sis! (*hy giet wer nei syn eigen taffeltsje.*
Martin komt op mei in gleske fris)

MARTIN: (*glunderjend*) Asjebleaf! Hein... Gratis en fergees,
hielendal foar neat.

HEIN: Wêr hast it no wer oer?

MARTIN: Fergees Hein! Dyn drankje. Omdat wy hjir oernachtsje. No,
hat dyn broer dat net even kreas foar dy regele? (*rint wer nei it*
kafee)

HEIN: Hjir bliuwe! Ik ken dy! Dan sjoch ik dy de hiele dei net wer. Ja,
jûn, en dan smoardronken.

MARTIN: Ik? Wol nee Hein. Ik moat myn eigen gleske doch noch
ophelje, Hein? (*fluch it kafee yn*)

HEIN: Hat er my ferdoarje wer te pakken.

ALEX: Dat bedoelde ik sakrekt. Dat jo in snoade broer ha. (*Martin*
komt op mei syn gleske)

HEIN: (*ferwûndere*) Hy is al wer werom. Dat falt my ta fan him! Kreas,
Martin!

MARTIN: (*rint nei Alex*) Sjoch es knaap. Foar dy ek in gleske prik.
Mei de hertlike groetnis fan Vera. Se is yn in bysûndere bui, sei se.

ALEX: Foar my...? Fan Vera...? (*sjocht omheech*) Aansen falt it dak
fan de himel!

MARTIN: No, ik gean wer hear. (*gau it kafee wer yn*)

ALEX: At it fan Vera is, dan kin ik der ekstra fan genietsje. Sa
goederjousk is se oars noait. Proast, menear.

HEIN: Myn broer sit fansels wer binnen te proasten! (*fan de sydkant*
komt Gerda wer op. It liket wol as sil se trochrinne, oant we Marian
hearre, dy is lykwols noch net te sjen)

MARIAN: (*kreunt*) Asjebleaf!... Hâld op, Gerda. Ik kin wier net mear.

GERDA: (*bliuwt no ek stean en draait har om*) Ik begryp net dat ik

elke kear mei dy op fakânsje gean, Marian. Wat is no in kuier fan acht oeren?

MARIAN: *(komt no strompeljend op. Se hat in hiele grutte rêchpûde op de rêch)* Sûnder ien tel te bekommen ja! Dat is doch net sûn wol? Seker net mei dizze bepakking.

GERDA: Kuierje is hiel goed foar in minske. En net seure oer dat rêchpûdsje. Dat is in prima oefening om dyn rêchspieren sterker te meitsjen. Kom, we sille fierder. En tink derom dat ik dy net wer hoech te sykjen. *(se makket oanstalten om troch te rinnen)*

MARIAN: Do besjochst it mar, Gerda. Ik set noch ien stap en dat is nei dat taffeltsje. *(se strompelt nei it taffeltsje, goait de rêchpûde ôf en lit har op in stoel falle)* Hjir sit ik en hjir kom ik de earste oeren net wer wei. Ik ha gjin fuotten mear oer.

GERDA: Dan moatst it sels mar witte. Dan gean ik allinne... *(se rint fuort, betinkt har)* No ja, fiif minuten moat kinne.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto